



# Dit is de dei...

## Sara en Simon folgje Jezus

*troch Foekje-Fleur Fink*

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jordaen en begjint ‘in nij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket of as der oare bysûndere dingen barre. Hjoed giet Simon mei mem nei Betsaïda. Dêr is Jezus ek mei syn learlingen.

### **Fiiftûzen krije sêd**

Lukas 9, 10-17

“Wat rûkt it hjir lekker.”

“Fynst?” frege mem. “Ik bak bôlen Dy nimme we aanst mei.”

“Duorrret it noch lang foardat se klear binne?” frege Simon.

“Nee hear. Rin do noch mar efkes nei de haven en helje dêr twa fiskjes. Dan binne de bôlen ûnderwilens wol klear.”

Doe’t Simon werom kaam, stie mem him al op te wachtsjen. Se hie de waarme bôlen yn in kuorke dien.

“Hoefolle bôlen sitte deryn?” frege Simon.

“Fiif.”

“Is dat wol genôch?” frege Simon.

Mem fûn fan wol. Se lei de beide fisken derby.

It wie drok yn de sted Betsaïda. In hiele soad minsken wiene mei Jezus meikommen om nei Him te harken. Hy fertelde fan it keninkryk fan God. De minsken wiene nijsgjirrich en woene der mear oer hearre.

Simon en syn mem kamen der ek by te stean. Se wiene wurch fan it rinnen. It wie ek sa waarm hjoed.

De learlingen fan Jezus sieten yn it gers. Ien fan harren kaam oerein, stapte op Jezus ta en flústere: “It is al let. De sinne giet aanst ûnder. De minsken ha honger. Jo kinne se mar better nei hûs ta stjoere.”

Jakobus foel him by en sei: “Dan kinne se noch in sliepplak sykje hjir yn de neiste omkriten en faaks wat iten keapje.”

Jezus seach harren oan, skodholle en sei: “Nee, Ik wol dat *jim* de minsken iten jouwe.”

“Wy?” fregen de learlingen. “Bedoele Jo soms dat wy foar alle minsken iten keapje moatte?”

Doe stapte Simon nei foaren en sei tsjin Jezus: “Sjoch dizze bôlen hat ús mem fan ’e moarn bakt. De fisken ha ik yn ’e haven kocht. Kinne Jo se brûke?”

Petrus prûste it út fan it laitsjen en sei: “Dat is ommers noait genôch foar al dizze minsken.”

Jezus hearde wol wat Petrus derfan fûn, mar Hy steurde him der net oan. Tsjin de oare learlingen sei Er: “Soargje derfoar dat de minsken yn groepkes byinoar sitten geane.”

Doe pakte Jezus de fiif bôlen en de twa fisken út it kuorke, knikte freonlik nei Simon en sei: “Dit is mear as genôch!”

Jezus die de hannen gear en bruts de bôle. De learlingen mochten de bôle rûnbringe. Mei kuorfolle rûnen se by de minsken lâns. Elk mocht safolle nimme as er op koe. En de bôle dy’t oer wie, waard wer ophelle.

Petrus telde de kuorfolle dy’t oer wiene. Hy seach wat skruten doe’t Jezus him frege: “Hoefolle is der oer, Petrus?”

Petrus skamme him, want hy wie fergetten dat by Jezus minsken altyd wolkom binne. Hy antwurde súntsjes: “Ik tel tolve... En de minsken ha gjin honger mear!”

Simon flústere mem yn ’t ear: “Gelokkich mar dat mem fan ’e moarn bôle bakt hat.” Mem sloech de earm om Simon hinne en sei: “Der wie noch oer ek!”